

Gersgroei by greidboer Breeuwsma falt ôf

## Diskusje oer ôfbraak fan maisfoly

Jan en Karst Breeuwsma út Aldeboarn ferbouden ta folle tefredenheid trije jier mais ûnder foly. Dêrnei besleaten se de maisperselen yn te siedzjen mei gers. Ta harren eigen ferbjustering bleau de gersgroei flink efter. Se wize de foly, dy't oant de dei fan hjoed noch yn' e grûn sit, oan as ien fan de mooglike oarsaken. De leveransier ûntkent dit.

Mais ferbouwe op swiere klaaigrûn mei 80 persint ôfslibberheid wie altyd in dilemma foar Karst en heit Jan Breeuwsma. De mais stie der dan prima by, mar yn de rispinge gie it faak mis. 'Foaral mei wiete omstannichheden yn de rispinge falt it hjir net ta om de struktuer fan de grûn beheind te hâlden', merkt Karst op. 'Ast op dizze grûn spoaren rydst, duorret it jierren foar't dit wer herstell.' Ek droechte by it siedzjen spilet de grûn parten. Karst: 'By droechte leit it sied tusken de kluten en sprût it net út.'

Doe't yn 2009 yn de omjouwing in proef yn gien wie mei de teelt fan mais ûnder foly, melden se harren dêr dan ek foar oan. 'Dit like ús in moaie oplossing foar it bettere kymjen yn de maitiid en in eardere rispinge yn de hjerst. De mearkosten soenen wy werom fertsjinje mei in ferwachte hegere opbringst.'

### Earder rispinge

Trije jier efter elkoar teelden se folymais, it earste jier 3 hektare en dêrnei twa jier 10 hektare. De ûnderfiningen wienen oer it algemien posityf. 'It sied kymde folle better omdat de temperatuer en de fochtichheid ûnder de foly der foar soargen dat de grûn moai los bleaun. Ek koe de rispinge ûngefear twa wike earder plak fine', jout Karst oan.

De opbringstferheging bleau wol wat út. Yn in goed groeiseizoen wie de opbringst mei 35 oant 40 ton produkt de hektare amper heger. Yn in minder groeiseizoen die de folymais it wol better as mais yn de omjouwing dy't net ûnder foly ferboud waard. 'Jo moatte it dan mear sjen as fersekeringspreemje', merkt hy op.

Dochs besleaten se nei trije jier te stopjen mei folymais. De famylje hat it masinepark helendal ynrochte op de gersteelt en besteget hast alle bewurking om de teelt fan de mais hinne út oan de leanwurker. 'De bewurkingskosten fan in hektare ekstra gers binne foar ús folle goedkeaper as mais.

Snijmais is in prachtich produkt en it bringt stabiliteit yn de pânse fan in ko, mar de kij kinne ek sûnder', is Karst fan miening.

De perselen wêr't folymais stie, waarden yn maaie 2012 wer ynsiedde mei gers, yn de ferwachting dat it jonge gers in goede opbringst helje soe. It tsjinoerstelde blykte wier te wêze.

'De ynsiedde perselen helje net de opbringst dy't wy wol fan ús oare grûn helje en der sit ek te min kleur op it gers', leit Karst harren befining út. De earste gedachte wie, dat nei trije jier mais it organyske stofgehalte yn de boaiem aardich sakke wie, wêrtroch de stikstoflevering út de boaiem wei efter bliuwt. Oant se ris mei in skeppe yn'e grûn stutsen en der stikken foly nei boppe kamen.

'Dit hienen wy net ferwachte. Der is ús ferteld dat de foly oplost en ferbrokkelet. De stikken foly dy't wy nei boppe helje ferbrokkele ek net en binne noch hiel. De plantwoartels wolle dêr net trochhinne en dat blykt ek wol, want de woartels groeie ek te min nei ûnderen.'

### Boaiemstruktuer

Hein-Willem Leeraar fan foly leveransier Samco en leanbedriuw Heeringa út Tersoal, dy't fan it begjin ôf belutsen binne by de proef, tinke dat der wat oars oan'e hân is. Heeringa: 'Ik bin by de perselen west te sjen en kom ta de konklúzje dat de foly yn'e grûn bêst tafalt en dit net de oarsaak fan de tsjinfallende gersgroei wêze kin'.

Samco jout oan dat it type foly dat by Breeuwsma brûkt is – Samco Green – yn it groeiseizoen foar 85 oant 90 persint ôfbrutsen wurdt. De lêste 10 oant 15% ferdwynt normaal sprutsen yn de twa jierren dy't dêrop folgje.

Op 22 oktober 2014, twa en in heal jier nei it ynsiedzjen mei folymais, liket dêr by Breeuwsma gjin sprake fan te wêzen. Veldpost redakteur Sjouke Jacobsen sjocht mei eigen eagen dat der noch stikken plestyk yn'e grûn sitte (sjoch foto) dy't noch net út elkoar falle.

Heeringa sjocht de oarsaak fan de matige gersgroei yn de minne boaiemstruktuer. 'Troch de grûnbewurkingen foar en yn de maisbou binne de ferskate grûnlagen fan dizze swiere klaaigrûn mei elkoar fermongen, wêrtroch der op it iene plak mear klaai leit as op it oare.

Op plakken mei in protte klaai kin de soerstof ûnfoldwaande yn de boaiem komme. Dit hâldt de djippere bewoarteling tsjin.'

De leanwurker jout oan dat hy wol ris in stikje foly werom fynt by it bewurkjen fan de grûn, mar dat er noch noait meimakke hat dat de kultivator of ploech fol rint mei foly. 'Breeuwsma is de earste dy't dit probleem meldt. Yn de tuskentiid ha wy al in tal jierren ûnderfining mei folymais en binne der ek genôch greidboeren dy't nei mais wer gers ynsiedzje. Ik ha fierder fan net ien fergelykbere klachten hân', seit Heeringa.

### **Dispút**

Te min soerstof yn'e grûn, troch te swiere klaaigrûn of matige boaiemstruktuer, kin ek de ferklearring wêze dat it plestyk minder goed ôfbrekt. Om helderheid te krijen, woe Leeraar mei in tal deskundigen ûndersyk dwaan op de perselen fan Breeuwsma, mar dat waard op it alderlêste momint tsjinhâlden troch Breeuwsma.

'My waard dúdlik dat der acht man útnoege wienen. Wy fielden ús troch dit oantal yntimidearre. As Leeraar allinne mei bygelyks Bussink (sjoch kader) kommen wie, dan hienen wy dêr wol mei ynstimd', seit Breeuwsma.

Leeraar fynt it spitich dat Breeuwsma it besyk mei de deskundigen tsjinhâlden hat, omdat er graach útsykje wol wat der oan'e hân is. 'As it yndie klopje soe dat der in protte foly yn' e grûn sit, dan is der wat bysûnders oan' e hân. Us foly is ûnder normale omstannichheden absolút ôfbrekber. As blykt dat de foly ûnder bepaalde omstannichheden struktureel net fluch genôch ôfbrekt, dan sille wy mooglik in foarbehâld meitsje moatte oanbelangjende de biologyske ôfbrekberens.

It sjocht der lykwols nei út dat de situaasje by Breeuwsma in útsûnderlik gefal is. Wy ha teminsten gjin oanwizingen dat ús foly op in oar plak net fluch genôch ôfbrekke soe.'

### **Diverse mooglike oarsaken**

Samco en de redaksje fan Veldpost ha boaiemûndersiker Wim Bussink, ferbûn oan it Nutriënten Management Instituut (NMI), frege om syn analyse te jaan op de situaasje by Breeuwsma. Bussink krige gjin tastimming om op it perseel sels te sjen en basearret him op gegevens fan in boaiemanalyse fan it perseel. 'Dat in diel fan de foly by Breeuwsma min ôfbrekt hat nei alle gedachten te meitsjen mei it type grûn. Yn swiere klaaigrûn kin minder goed soerstof trochkomme. Dat de efterbleaune foly de gersgroei belemmerje soe, is net wierskynlik.

De bemesting is in mooglike oarsaak: de stikstof, swevel en fosfaatbemesting moatte ynoarder wêze. Ek de struktuer fan de grûn kin it probleem wêze. In goeie grûnbewurking foarôfgeand oan it ynsiedzjen fan it gers is fan grut belang, foaral op klaai. Koartsein: der binne nochal wat mooglike oarsaken foar tsjinfallende gersgroei by ynsiedzjen fan gers op klaaiboulân. Dêrby kin it effekt fan in te krappe stikstoffoarsjenning yn kombinaasje mei struktuerskea ek nochris fersterkjend wurkje.

### **Ûnder foto:**

Op 22 oktober 2014 stekt Breeuwsma op goed gelok op it perseel ûnder tasjend each fan de Veldpost fotograaf en redakteur Sjouke Jacobsen, de skeppe yn' e grûn en fynt stikken plestyk.